


21-2-'98

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

IT SKIEPPESTURTSJE

21-e jrg. nûmer 2, maaie '97

't Skieppesturtsje is de doarpskrante fan Tsjerkwert en omkriten. Dizze krante wurdt hûs oan hûs besoege troch de redaksje of oare frijwilligers. De krante kin bestean troch frijwillige bydragen fan de lêzers.

Redaksje-adres:

J.W. Nota
Waltawei 39
8765 LN Tsjerkwert

Redaksje:


Richtsje Speerstra- Bakker
Ymswâlderleane 10 (til. 0515 572635)
Gerben Wijnja
Waltawei 53 (til. 0515-579348)
Joop Nota
Waltawei 39 (til. 0515-579499)
Henk van der Zee
Waltawei 31 (til. 0515-579768)
Trudy Witteveen-Hettema
Beabuorren 1 (til. 0515-572549)

Typewurk:

Gjettje Dijkstra-Van der Veen,
Gerben Wijnja

Stinsilwurk:

Henk van der Zee



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

Untwerp omslach:

Albert van Lingen Jr., Wergea

Bankrelaasje:

Rabobank Boalsert
gironûmer fan de bank: 85.68.29
Rekkeningnûmer: 3087.56.800

Bydragen kinne oermakke wurde mei fermelding fan "bydrage 't Skieppesturtsje" en it jier dêr't it betrekking op hat.

Foarwurd fan de redaksje

<http://www.skieppesturt-tsierkwert.nl>. Sa ûngefear soe ús internet-adres der út komme te sjen, mocht it ea sa fier komme mei de redaksje-aktiviteiten.

Yn alle kringen fan bedriuwen, ûnderwiis, organisaasjes en gean sa mar troch gûnzet it fan plannen om de stap nei it world-wide-web te meitsjen. De kommunikaasjes komme dêrmei op it mêd fan “gemak dient de mens”. No hear ik in protte minsken al sizzen: ik moat neat hawwe fan dy technyske rompslomp. Der hoecht mar wat te barren en de hiele wrâld leit op syn kop. Men kin fansels de nedige fraachtekens sette by dizze hi-tech-foarútgong, mar tsjinhâlde dogge jo it net. It giet boppedat razendfluch. Dêr kinne wy net tsjin stinselje, nysje en besjoargje. Us lêzers om utens soene wy grif ek gerive mei internetboadskippen, mar dochs binne wy noch net sa fier. Wy ha de apperatuuer der (noch) net foar en wy wolle it skieppesturtsje as krantsje eins ek net misse. Alle yn Tsjerkwert e.o. aktive ferienings en oare organisaasjes kinne harren nijs by ús kwynt en sa bliuwt it foar ivich fêstlein. Men soe 't Skieppesturtsje dan ek sjen kinne as ien grut skiednisboek fan in doarp oan de Trekfeart fan Boalsert nei Warkum.

Geant bygelyks 20 of 25 jier wêrom yn 'e tiid en merk hoefolle der feroare is. Aldere ynwenners sille ûnder in “och heden ja” yn weemoed weromsjen wylst jongeren en (nije) ymport der mei fernuvering oer lêze kinne. Foar dit nûmer hat Gerrit Mulder dan ek wer hiel wat knipsels út de âlde doaze by inoar swile.

Wy bliuwe lykwols net stean by it ferline mar jouwe ek omtinken oan hjoeddeiske saken dêr't de technyk ek net yn stilsteant bliuwt. Sa skriuwt Pier Zijlsling bygelyks oer it wynrjocht dat al ieuwenâld is, mar aktueel bliuwt oant de dei fan hjoed ta.

Fansels fine jo yn dit nûmer ek alle nijs dat de ferskate ferienings ús taskikt hawwe en it seit himsels dat der ferslach útbrocht wurdt fan de ûnderfinings dy't Wieger Bakker opdien hat as finer fan it earste ljipaaai fan Tsjerkwert e.o.

Wylst in skrouske maaiewyn mei reinwetter oer it doarp, de trekfeart en de fjilden lûkt, liket de simmer noch fier fuort. Tiid om de mouwen noch eefkes op te strûpen, de stúdzjeboeken der by te heljen en alles op alles te setten om oer te gean of om it fûleindich begeare diploma te heljen. Sûkses mei jim stúdzje.

De redaksje moast it dit nûmer eefkes dwaan sûnder de besiele meiwurking fan ús sikretaris Joop Nota. Dy is in wykmanich yn it fiere Frankryk en Spanje oan it kuierjen, in pylgerreis dêr't wy grif mear oer krije te hearen yn kommende nûmers.

It nijs dat jimme hawwe foar ús doarpskrante kin lykwols gewoan yn 'e brievebus by Joop syn tsjerkje ynlevere wurde. It sil ús nij dwaan. Oant in oare kear. En noch hieltid net op internet!.....Gerben Wijnja

Wynturbine fertaling fan âld-hollanske wynmole

Elkenien wit dat koalen, oalje en ierdgas de wichtigste grûnstoffen op ierde binne dêr't enerzjy út helle wurdt. De fjirde leveransier fan dit kostbere guod wurdt faak fergetten: WYN. Dy kin fergees en maklik sûnder grutte skea oan it miljeu yn enerzjy omsetten wurde. Al ieuwenlang bart dat neffens itselde prinsipe. De nijmoadrige wynturbine is neat oars as in fertaling fan de âld-hollânske wynmole dêr't noch in lytse tûzen fan binne yn ús lân.

It giet faaks wat te fier om hjir út te lizzen dat wy de wyn te tankjen hawwe oan de sinne. Noch net in heal prosint fan dy sinne-enerzjy wurdt omsetten yn wynkrêft. Lit it in bytsje lykje, it is altyd noch mear as tsientallen kear it totale gebrûk oan koalen, oalje en gas dat de hiele wrâldbefolking ferbrûkt.

By de ferbranning fan al dy fossile brânstoffen komt koaldioxyde (CO₂) frij. Op jierbasis wurdt de wrâld fersmoarge mei sa'n 19 miljard ton CO₂ en dêrfan nimt ús lantsje sa'n 40.000.000 ton foar syn rekken. Wyn is lykwols skjûn en dy rekket ek nea op. Dêrom ek wurdt der hieltyd mear gebrûk fan makke. Sa steane der yn Californië mar leafst 16.000 wynturbines. Troch de Tehachapi-pas waait in bulte wyn, dat dêr ha se tûzenen delsetten, in wyld gewrimel fan wjukken. Yn Europa, dat Amerika trouwens foarbystrutsen is, nimt Dútslân op dit stuit it earste plak yn, nei Denemarken. Ingelân is yn opkomst en yn Spanje steane op dit stuit de grutste wynturbines fan Europa. Us lân spilet yn dit gehiel mar in beskieden rol. De wynturbines fan it parkje by Beabuorren binne fan 600 kilowatt, mar der wurde no al guon produsearre fan 1500 kW. Dy ha in mêst fan 60 meter en in wjuklingte fan 30 meter. Nederlân beskikt no oer sa'n 300 megawatt turbinefermogen en dat moat yn it jier 2000 neffens it stribjen fan de oerheid tûzen megawatt wêze. Dêrmei kinne 750.000 húshâldingen oan enerzjy holpen wurde.

Yn ûndersteand ferhaal docht Pier Zijlsling, de mûnder fan de Beabuorstermole, de nijsgjirrige relaasje tusken âld en nij wynmolerjocht út de doeken.

De âldste enerzjy fan de wrâld

In praatsje efter it kruirêd fan de Beabuorstermole

Yn de tiid fan hartoch Jan I fan Brabân wie it de gewoante dat in eigner fan lannerijen tagelyk ek eigner wie fan de wyn dy't oer dy grûn waaide. By ferhierd lân moast de hierder wynpacht betelje.

Tsjintwurdich sit der molke op it lân, mar doe siet der wyn op. As der doe makelers en bemiddelers west hiene, hie it fansels in gouden hannel west: mei stil waar in stikje lân keapje en as it in stoarm waaide it wer ferkeapje.

Nei de tiid fan Philips II, yn 1581, gongen dizze “*landsheerlijke rechten*” oer op de Staten der Provinciën. De minsken dy’t doe in mole stichten en yn de foarm fan belesting harren wynrjocht betelle hienen, krigen de fersekering dat se rjocht hienen op frije wyn sûnder wynbehindering. Yn de Zaanstreek lei men soks fêst yn in “windbrief”.

Rjocht op frije wyn woe sizze dat op 100 meter fan in mole ôf net heger boud of plante wurde mocht as ien meter. Twahûndert meter der ôf 2 meter en op 300 meter trije meter ensfh. Dit jilde allinne foar “grondzeilers”, molen dêr’t de wjukken fan by de grûn lâns draaie en net foar “stellingmolen” fansels. Dan moat de bouwhichte fan omlizzende wenten, pleatsen en sa berekkene wurde fanôf de stelling- of omgonghichte.

De Beabuorstermole sil net folle lêst krije fan wynbehindering. De fiif nije konkurrinten giet mear wyn ûndertroch as de âlde poldermole nedich hat. It skilderij fan de Beabuorstermole hat in list krigen fan wynturbines. It oansjen is hjirtroch feroare, mar tiden hawwe tiden. Der binne al fierste folle skjinne kilwatten oer ús hinne waaid dy’t net weromkomme.

It is 26 april alve jier ferlyn dat troch in rekkenflater yn Tsjernobyl de kij hjir fjouwer wiken yn’e hûs bliuwe moasten, alle spinaazje weismiten waard en om fan alle oare ellinde mar te swijen. Nei alve jier is de acht meter dikke betonsarkofaach hast trochbaarnd en sil de boel ynpakt wurde moatte.

De fiif turbines hawwe ús wer in lyts stapke tichterby brocht dat soks net wer barre sil.

Wêrom de fiif turbines op Beabuorren linksom draaie om skjinne enerzjy te meitsjen en de âlde poldermole rjochtsom draait sil foar ferskate minsken in fraach wêze. No, men kin andert op dizze fraach krije troch in besite te bringen oan it “polderhúske” by de Beabuorstermole.

Pier Zijsling

Nationale Molendag topdag voor Babuurstermolen

Waar het aan gelegen heeft, niemand zal het kunnen zeggen, maar voor de molenaars Pier Zijsling en Kees Posthuma kon de tiende mei niet meer stuk. Zo’n vijftig belangstellenden wisten “De Babuurstermolen” te vinden en dat is voor een in het veld gelegen poldermolen beslist veel. Zal het nieuwe waterschap in Bolsward ermee te maken hebben of wellicht de plaatsing van de nieuwe windturbines. Die beide zaken brengen de beide molenaars binnenkort weer in actie want op 24 mei opent het nieuwe waterschapsgebouw en een week later gaat het windmolenpark bij Baburen officieel in bedrijf.



Joop Nota is bliid dat er Wieger Bakker de beker
in jier lang tafertrouwe mei



As in âlde dirigint stiet de Beaburstermole
foar syn modern wynmole-orkest

BYLANS DE TREKFEART

BYDRAGEN OER MINSKEN EN DINGEN
FAN TSJERKWERT EN OMKRITEN

Wieger Bakker fûn it earste ljipaai fan Tsjerkwert e.o.
TROCH GERBEN WÛNJA

As de lippen wer yn it lân binne spûket it hiel wat natoerfreonen wer troch de holle. Dan wurdt men in bytsje gek yn 'e kop en moat men der út. Yn 'e hûs hat men gjin rêst want yn it fjild ropt de ljip. Dat sit der gewoan yn. Sa ek by Wieger Bakker fan 'e Tsjerkestrjitte. Moandei 17 maart waard it earste ljipaai fan Tsjerkwert e.o. troch him fûn yn in stik lân fan Jehannes Dykstra. Bakker, lid fan de jubilearjende fûgelwacht fan Boalsert e.o., hie de dei fan syn libben.

Joop Nota hie it de sneins dêrfoar noch gekskearjend tsjin Wieger Bakker sein: *"Ast it earste ei finst dan must it al by my bringe hoor."* Bakker hie dat mar wat mei de gek beslein. Hoe soe hy ek it earste aai fine. Der rinne safolle betûfte aaisikers yn Tsjerkwert om, dat soks koe er him wol út 'e holle sette. Doe't er dy moandeis lykwols ta de doar útsette sei er noch al tsjin 'e frou: *"It is echt ljippenwaar, net te kâld en wat wiet."* No hie er al in pear dagen in spantsje op it each en it moat earlik sein wurde: Wieger hie wol yn 'e gaten dat dy ljip safier wie. Yn it lân wiene allegear moaie nestkes en doe't er it lân yn sette fleach der in hiele moaie ljip op. *"No moat it der lizze"*, spile it Wieger troch de holle. *"Ik sykje en sykje. Mar ik hie noch niks. Mar it moast der lizze. No bin ik hiel wat serieuzer wurden, want ik rin no wol trije kear oer in eker as ik tink dat der wat lizze moat."* En ja hear, hy krige diskear gelyk. Yn in wûndermoai nêst lei dan dochs wat er socht. *"Der lei allegearre fan dy âlde greide hea yn, wat rûch. Dat ha se it leafste. Ik sil dy fertelle, ik ha in lyts freugdedûnske dien. En ik rôp fan: ik hew it ik hew it. Mar doe tocht ik ek: as de soademiters nei Joop ta."* Nei de boargemaster hoechde er ommers net mear, want it earste aai fan Wûnseradiel wie op 12 maart ommers al fûn tusken Koarnwert en Wûns.

Fûgelfreon

As Joop de beker út de tas hellet, bestudearret Wieger de wikseltroffee mei oandacht. Ja, alle grutte mannen fan it fûgelfjild fan dizze omkriten steane der yn grafearre. Betide en lette jierren wurde noch ris besprutsen, kâlde maitiden en suver soele maartmoannen komme op it aljemint. Sekuer besjocht er him noch ris

en dan seit er mei ynmoed: *"Ik bin der wol wiis mei hear."* Syn frou follet oan: *"Mar hy hat alle jierren wol hoopt dat er it earste ris fine sil. Ien kear siet er der hiel ticht by mar no wie it dan echt raak."* Wieger glunderet fan wille. No mei de beker ien jier lang by him op 'e kast te pronk stean. *"No hoech ik it aai net mear te finen wan tik ha it al. It kin net mear stikken. Boppedat, sa't it waar no wer is, stokt it wer troch de kjeld. It skoot no wer op. Hjir achterút is it trouwens min mei de ljippen. It begruttet my dan suver om it aai der út te heljen. Mar se rinne der allegearre op en as ik it net meinim, dan docht in oarenien it wol. Sa simpel leit it. By Jelte Speerstra en Okke Postma binne ek noch wol wat ljippen, mar hjir achterút kom ik net mear. Der is niks oan. As bistenfreon fyn ik it ek in goede saak dat it 1 april by ferskillende boeren ticht giet. As wy dy bistkes hjir hâlde wolle dan moat dat wol."* Offisjeel mei it dan noch in wike, maar Wieger leaut it dan wol. Op 'e tafel yn 'e hûs pronket ommers ek al in skaaltsje mei genôch aaien. *"Ik bak se yn 'e pankoeckspanne. Dan wat piper en sâlt der oer hinne en dan binne se hearlik"*, neffens Wieger.

Oantinkens

Wieger Bakker is no 70 jier en fan jongsôf oan hat it aaisykjen der wol ynsitten. Dochs begûn er pas op wat lettere jierren. Doe't er by de boer wurke hie er der gjin tiid foar. It wiene lange dagen en dan gong men net mear it lân yn nei in dei fan swier bealgjen. Mei 36 jier kaam er op it fabryk te wurkjen. Hy woe net altyd by de boer bliuwe en doe't er by Nestlé komme koe liet er dy kâns net glûpe. De oantrekkingskrêft fan it fjild wie lykwols bleaun en sa kaam it dat er maitiids wer de rook fan it lân ynhalearre en folop geniete fan de wjukslach fan ljippen en oar fûgelguod. *"It moat derfansels al yn sitte. Leare kinst it net,"* neffens Wieger *"want ús heit koe net in aai fine mar myn pake Wieger wol. As dy it fjild yn sette dan helle er se gewoan op. Fan him sil ik it dan ek wol ha"*, mient er.

Dat it lizzen mei dizze kjeld wer wat opholden is fynt er trouwens wol moai, al seit er dat mei in toan fan: ik ha teminsten wat fûn, myn sin is gerêst. Op 'e dei dat wy by Wieger Bakker en de frou op besite binne, hie er yn 'e motrein noch twa fûn. En dat noch wol sûnder bril op want dy wie troch dy motrein mar in behindering. Mar dat wie op himsels al in prestaasje. Fansels waard it earste aai hoeden út it skaaltsje helle om lottere te wurden. Dêr seach Joop deskundich op ta en alles waard yn oarder befûn. De dei koe trouwens al hielendal net mear stikken want nei al dizze plichtplegingen waard de tillevysje oanset foar it fuotbaljen. En lit Ajax no ek noch fierderkomme. Yn 'e greide fan Spanje waard mei súkses striden. Mar Wieger hat nei jierren sykjen yn 'e Fryske greiden syn troffee binnenhelle. Lokwinske!

Ut de âlde doaze (5) 25 jier knipsels garje

25 jier ferlyn kaam Gerrit Mulder mei in rekken by Oege Schukken op Arkum oan 'e doar. Dêr waard hy lokwinske mei de jierdei fan dochter Martha. Ferbjustere frege Gerrit him ôf hoe't se dat by de Schukkens sa goed wisten. Hy moast der mar eefkes ynkomme en doe kamen der grutte plakboeken op 'e tafel. Frou Schukken hie de deis tefoaren wat opsocht en wie doe stjitten op it berteberjocht fan Martha. Frou Schukken sparre al jierren fan alles út kranten wat har mar ynteressearre. Doe't al dat moais dy deis foar 't ljocht kaam, wie Gerrit ferkocht. Fanôf dat momint, no 25 jier ferlyn, swilethy alles oer Tsjerkwert en omkriten út alderhande kranten en sa by inoar. Mappen fol knipsels binne der yn de ôfrûne tiid garre. Guon al folle âlder as 25 jier. Yn dit nûmer ha wy wat út dy samling helle en hjirûnder ôfprinte. It earste is fan tweintich jier ferlyn doe't jonge aaisikers út Tsjerkwert de dupe waarden fan in flauwe grap. Dêrnei geane wy 25 jier tebek ûnder it motto fan "och heden ja".

VONDST 1e KIEVITSEI IN TJERKWERD WAS FLAUWE GRAP

De twee dertienjarige jongens Frans Mulder en Klaas Nuata beiden uit Tjerkwerd, kwamen woensdagavond omstreeks zes uur opgetogen thuis met een „eerste“ kievitseï bij zich dat zij kort daarvoor gevonden hadden in een stuk weiland. Dit zou wel het eerste eitje van dit jaar moeten zijn. Achteraf bleek alles op een flauwe grap te berustten, deze poets was hun gebakken door eveneens enkele jeugdige knapen uit Tjerkwerd. Frans Mulder en Klaas Nauta stonden op de brug in het dorp toen hun dorpsgenoten langs kwamen en vertelden dat er in een stuk land aan de Hemdijk een paar kievitten aan het „roekenjagen“ waren en er wel eens een ei zou kunnen liggen. Maar zij zouden zonder polsstok niet over de sloot springen kunnen om het bewuste weiland te bereiken. Frans en Klaas gingen spoorwegs naar het aangegeven stuk land en vonden inderdaad een kievitseï, Frans deed de vondst. Op-

getogen keerden zij huiswaarts om het ei dat echt leek, aan hun ouders te tonen. De commissaris der Koningin in Friesland werd gebeld die v. zijn beurt burgemeester P. Tjeerdsma van Wonseradeel hierover inlichtte, de eerste burger kwam naar Tjerkwerd om zich van de vondst te overtuigen. De buurman van Frans die een echte eierzoeeker is, twijfelde omtrent de echtheid, gezien de weersgesteldheid het nog wat vroeg was, het eitje werd „gelotterd“ en toen bleek dat het ei boven kwam drijven en dus... het was een oud ei.

Inmiddels was de RONO geïnformeerd en deze zond via de radio het Friese nieuws uit. De burgemeester liet de politie eveneens het eitje op echtheid controleren. Men was het er weldra over eens er was hier duidelijk sprake van een heel flauwe grap en de teleurstelling was de beide vindsters begripelijkelijkerwijs van hun gezichten af te lezen.

Och heden ja

Sa lei Tsjerkwert der 25 jier ferlyn by

Hûs oan hûs ferskynde yn dy jierren it krantsje KONTAKT mei de rubryk "Wonseradeel van A tot Z". As it ús net mist wie H. Kooyenga fan de Waltawei 13 yn 1971 de nije kontaktman fan de redaksje. Mar yn 1972, no 25 jier ferlyn, moat master Jan Dykstra dat west hawwe. Wy litte alle nijsjes út dat jier hjir opnimme en beslute mei in nijsgjirrige adfertinsje út de Boalserter krante fan dat jier. Dy is fan De Jong's bakkerij dy't in jier letter nei Boalsert sette soe, mar dêroer takom jier mear yn de rubryk "Ut de âlde doaze".

1-4-72.

TJERKWERD

Onze verbinding met dit dorp is door de verhuizing van de heer Jan Dijkstra naar de Waltaweg 31 een beetje weggefallen, omdat hij daar (nog) geen telefoonaansluiting rijk is.

10-6-72

TJERKWERD

Zaterdagmiddag kwamen in de dorpencompetitie Exmorra-Tjerkwerd tegen elkaar uit. De wedstrijd werd gespeeld in Tjerkwerd. Uitslag 2-0 in het voordeel van Exmorra.

15-4-72.

TJERKWERD

De Parregaster brandweer maakte zondag voor een week een vergeefse reis naar Tjerkwerd. De hulp was ingeroepen omdat het bij de familie Brandsma enorm begon te roken. Vuur werd niet waargenomen. De brandweer reed, tevergeefs uit.

★

Het muziekkorps behaalde op een concours in Leeuwarden een tweede prijs. Het gaat hier niet om de behaalde prijs, maar enkel en alleen om het feit dat men het aandurfde.

★

De plannen met de Harmonie zijn in een vergevorderd stadium. Ook het sportterrein zal met zo'n vijftien meter worden verlengd.

27-5-72.

TJERKWERD

De dorpencompetitie voetbal draait weer op volle toeren. Vrijdagavond werd de wedstrijd Parrega-Exmorra gespeeld. Uitslag 1-0. A.s. vrijdag 6 mei komen de ploegen van Exmorra en Dedgum tegen elkaar uit.

TJERKWERD


Jan Blanksma (onderwijzer aan de basisschool in Tjerkwerd) heeft kortgeleden zijn intrek genomen in de woonark „Fermate“. „Fermate“ is een muziekterm en dit betekent rustpunt.

★

De gemeente heeft de Hemdijk onder handen genomen, maar de toestand schijnt nu nog gevaarlijker te zijn dan voorheen. De weggebruikers moeten niet proberen naar de berm uit te wijken, want dan zal het een hele toer worden weer op het wegdek te komen. Inmiddels hebben het gemeentehuis hierover al klachten bereikt.

★

Kortgeleden is de uitslag bekend gemaakt van de biliart-kompetitie. In klasse A gingen de prijzen naar: 1. M. Hykema; 2. H. de Boer; 3. J. Dijkstra. B-klasse: 1. J. Reidsma; 2. R. de Jong; 3. S. Postma. De poedelprijs ging naar S. Hiemstra. Intussen is de biljartklub „Nut en genoeg“ gestart met een nieuwe kompetitie.



B. 16-5-72.

IEPENING HELP-SELF KIKSTRA

TJERKWERT. Yn 'e measte doarpen giet de middenstan efterút en dat is ek ús doarp oerkaem. Dochs hat it winkel-bidriuw Kikstra in greate foroaring ûndergien en is foroare yn in moderne help-self. It winkelopperflak is gâns greater wurden en de klanten kinne nou sels har kar meitsje út it greate tal artikels. Der is hast gjin né to keap. De winkel is it pronkstik fan it doarp wurden. De bifokking fan Tsjerkwert en omkriten is tige greatsk op sa'n saek, hjir en dêr al Tsjerkwert, miro neamd. Direktur Marten Kikstra en syn meiwurkers kinne nou fleurich fierder yn it mei blommen opsierde interieur en eltsenien is wis fan syn súker, bakmoal, boartersguod etc.

4-11-72.

TJERKWERT

Op weg naar de zuivelfabriek te Workum raakte melkrijder H. Brandsma uit Blauwhuis vorige week met de aanhangwagen van zijn tractor-kombinatie te water. Dit gebeurde op de bochtige Hemdijk ter hoogte van de boerderij van de heer D. Hettinga. Een flinke hoeveelheid melk ging hierbij verloren.

★

Zaterdagmiddag speelden de senioren van Tjerkwerd een voetbalwedstrijd tegen Oudega-W 2. Tjerkwerd verloor dit met 1-2. Een week eerder speelden de leerlingen van de CVO-school een wedstrijd in Oudega-W. Hier kwam Tjerkwerd als winnaar uit de bus met 0-6.

★

Eind vorige week is het stichtingsbestuur van de Harmonie, dat bestaat uit: J. Dijkstra (voorzitter), S. van 't Zet (secretaris, beheerder), D. Jorritsma (penningmeester) en P. Zijtsling, D. Walsma, A. Huijtema, C. van Zuiden, met voorhamers, beitel en meer van dergelijke attributen van start gegaan met het uitvoeren van de plannen die er bestaan om van de Harmonie iets fraais te maken. Alhoewel verschillende dingen nog niet helemaal rond zijn was men van mening niet langer te moeten wachten. Alles wat momenteel gedaan wordt, past in het grote plan.

18-11-72.

TJERKWERT

De entree van het dorp — de brug — is geschilderd.

★

Mevrouw van der Velde uit Gaast geeft momenteel de schoolkinderen van de laagste klassen onderwijs; onderwijzer Jan Blanksma moet voorlopig rust houden.

2-12-72.

TJERKWERT

De heer H. Feenstra is in de buurt van Folsgate door de gladheid van de weg geraakt. Persoonlijke ongelukken deden zich gelukkig niet voor.

★

Vrijdagavond 1 december wordt er een bazar gehouden ten bate van de Harmonie. Het is een soort aanmoediging van het dorp om het stichtingsbestuur van de Harmonie te stimuleren door te gaan met hun plannen.

B. 24-3-72.



**DE JONG'S
BAKKERIJ**

TJERKWERT

telefoon 05157—9245

GEVRAAGD:

accuraat net meisje

die onze produkten wil verpakken
en de bestellingen voor onze cliënten klaar wil maken

GEBODEN WÔRDT:

42½ urige werkweek, zaterdags vrij
Goed loon, eventueel reiskosten-vergoeding
Prettige sfeer en licht werk

**HEBT U BELANGSTELLING ?
BEI. OF KOM EVEN LANGS**

Aginda

- *24 maaie : Iepening nij wetterskipsgebou Marne-Middelsee troch minister Annemarie Jorritsma 10.00 oere.
- *27 maaie : Kofjedrinken foar elkenien yn "It Walta-hûs" mei de pjutten fan "It Pjuttehonk" 9.30 oere - 11.30 oere
- *31 maaie : Offisjele iepening wynmûnepark Beabuorren moarns 10.30 oere.
- *17 juny : In busfol learlingen fan de skoallen fan Tsjerkwert en Parregea geane nei Hilversum om Anneke Hijlkema en Sietske Gietema oan te moedigjen yn de "Droomshow".
- *29 en 30 augustus : Doarpsfeest.
- Fóár 8 septimber : Kopy en Snypsnaren ynleverje.

Afsluiting clubjaar 96/97

Zoals u weet hebben we weer club gehad. Jammer voor mij dat het mijn laatste jaar was. We hebben weer veel gemaakt, zoals: Kaktussen van hout, een paddestoel van hout en nog veel meer dingen. Ik hoop voor groep 5 en de andere groepen dat het volgend jaar ook weer zo leuk wordt.

groetjes

Nynke Dijkstra.

Opbringst kollekten

De actie voor het nationaal Reumafonds in het kader van de landelijke inzameling in de week van 17/22 maart jl. heeft in Tjerkwerd e.o. een bedrag opgebracht van f 434,05

Het bestuur richt zijn welgemeende dank tot de leden van het plaatselijk comité, tot de collectanten en tot ieder die door een financiële ondersteuning tot het welslagen van de collecte heeft bijgedragen. Mocht u door omstandigheden de collectant gemist hebben, dan kunt u alsnog uw bijdrage storten op postgiro 324 of banknummer 35 76 74 812 t.n.v. het Nationaal Reumafonds Den Haag.

A. de Boer

De kinderen van de basisschool 'de Reinbôge' hebben in de week van 14/19 april allerlei schoonmaakklusjes verricht t.b.v. van de actie 'scholen helpen scholen' van het Zeister Zendingsgenootschap. Bijelkaar werd een bedrag van f 602,-- 'schoon'gespaard. Met het geld kunnen schoonmaakpakketten voor een aantal scholen in Suriname worden gekocht. Hierbij wil ik namens de kinderen alle goede gevers en geefsters hartelijk bedanken.

H. v. d. Zee



Bydragen

Fan maart o/m april

*B. Burghgraef - Boalsert ; A. Walsma-de Boer - Boalsert ; O.J. Postma - Boalsert ;
B.T. de Boer - Boalsert ; J. Visser - Dedzjum ; B. H. Bruinsma ; Dedzjum ;
I. v. d. Gaast - Dedzjum ; W. Bakker - Tjerkestrjitte ; K. Stel - Tjerkestrjitte ;
Y. H. de Boer - Singel ; J. en J. Twijnstra - Ymswâlde ; P. Ottenbros - Haarlem ;
D. Jorritsma - Oregon / Amerika ; O. Jorritsma - Twizel.*

Eltsenien tige tank !

Musykferiening "Eensgezindheid"

Op zaterdag 22 maart vierden wij ons 75 jarige jubileum , met 's middags een reünie voor oud-leden en dirigenten en 's avonds een jubileum revue in het Waltahûs. 's Middags werd mevr. T Gietema in het zonnetje gezet, omdat ze 50 jaar bij het korps was . Ze kreeg een gouden speld van dhr. A Zijlstra van de Chr. bond opgespeld. Na de koffie werd de revue geopend. Het Waltahûs was zeer vol , waardoor er ook mensen in de bovenzaal moesten zitten. De hele geschiedenis van het korps werd naar voren gebracht in de trant van schetsjes en muziekstukken uit die tijd. Het geheel werd van commentaar voorzien, zodat goed duidelijk werd wat er zich afspeelde. In de pauze was er een verloting. Daarna gingen we weer snel verder, want het Duo 'Nooitgedacht' moest ook z'n muziek nog laten horen. Kortom , het was een zeer geslaagde dag. We willen dan ook graag ieder, die op elke wijze dan ook hun medewerking verleenden, heel hartelijk dankzeggen. Het was geweldig !

hartelijke groet,

B. Breeuwsma, namens de

Muz. Vereniging 'Eensgezindheid'

SKOALLEFEESTJE(S) !?

In pear jier lyn hienen de âldste bern by harren ôfskied fan de skoalle hjir yn Tsjerkwert in útfiering fan in sjongspul oer mearkes. Om't it geweldig oansloech by harren âlden, ha master B. Steen dit jier nochris in sjongspul op stapel setten. Mei dit ferskil, dat wy net allinne de âlden fan de bern hjirby útnoegje wolle, mar ek de doarpbewenners fan Tsjerkwert en omkriten. Op it stuit binne de bern fan de groepen 6 o/m 8 drok dwaande mei it ynstudearren fan de teksten en ferskes. De 'útfiering sil, sa't no liket op de 24 juni wêze, de jûns fanôf 8 oere, yn it Waltahûs. In útnoeging fan de bern sels sil oer in pear wike by jo troch de bus rûgelje.

Yn novimber 1987 waard it nije skoallegebou iepene. Dat betsjut dat dit hast al tsien jier ferlyn is. En 10 is in moai nûmer om by stil te stean. Dat is ús doel dan ek. Mar wy wolle fierders noch nea ferklapje dan de datum, nammentlik de 6^e novimber, de tongersdeis. Ik soe sizze, skriuwt it yn jo aginda ...

Groetnis, it skoallteam.

Beste dorpsbewoners,

Via het dorpskrantje wil ik u, ook namens mijn kinderen, heel hartelijk bedanken voor alles wat u hebt gedaan tijdens de ziekte en het overlijden van mijn man Bert Bouw.

De aandacht en de zorg die wij maandenlang mochten krijgen, en uw intens meeleven met Bert en mij was hartverwarmend.

Bert heeft zich altijd thuisgevoeld in Tjerkwerd en samen hebben wij de waarde leren kennen om te wonen in een plaats waar zorg en aandacht voor elkaar niet tot de verleden tijd behoren.

De vele bezoeken, telefoontjes en kaarten die Bert heeft ontvangen tijdens zijn ziekte waren hem tot grote steun, zeker ook tijdens zijn verblijf in de verschillende ziekenhuizen in de regio.

Toen mijn man na zo'n lang ziekbed uiteindelijk zijn aardse strijdmoest verliezen heeft u mij en de kinderen omringd met aandacht, genegenheid, blijken van deelneming en gebed.

Woorden schieten tekort om mijn dankbaarheid naar u toe te uiten. Het 'heel hartelijk dank', komt dan ook uit de grond van mijn hart.

Mw. F.T. Bouw-Van Wort
Singel 26
Tjerkwerd.

Voor Uw medeleven en belangstelling na het overlijden van

Harmen de Haas

zeggen wij U langs deze weg onze welgemeende dank.

Uit aller naam:
J.L. Ottenbros - de Haas

Haarlem, maart 1997

Wij, Coby en Peter Ottenbros-de Haas, die de afgelopen jaren vaak in Tjerkwerd en omgeving rondsjaarden en veel foto's hebben gemaakt van de plekken die in Harmen's jonge jaren een rol hebben gespeeld, denken met vreugde terug aan die tijd en ook aan de mensen die wij met Harmen bezocht hebben, zoals de Miedema's van Ymswâlde, Piet Tolsma van Beabuorren, Pier Zijsling die ons zo fijn heeft verteld bij de molen en niet te vergeten Haye en Hinke Kooijenga in Tjerkwerd. Mochten wij nog personen vergeten hebben, dan is onze dank ook aan hen.

Vriendelijke groeten uit Haarlem.

Boargerlike stân

*Troud : Herke Bakker yn Kanada.

* 16 april Haye en Hinke Kooijenga 50 jier troude.

* 5 maaie Oege en Klaske Schukken 55 jier troude.


Jappie de Boer saech 9 maaie Abraham en George
Volbeda hopet him 31 maaie te sjen.

Lokwinske èn.....

Noch folle jierren!

Berne:

Een wonder in 't leven
gebeurt niet elke dag
Een zoon is ons gegeven
als je dat geen wonder noemen mag



Jelle André

is geboren op 8 maart 1997

Jelle weegt 3990 gram en is 50 cm lang

Jitte en Sonja
Huitema-Rosier

Bolswarderweg 6a
8765 LR Tjerkwerd
0515-572576

Graag willen wij onze pleegdochters aan u voorstellen:

Sinds september 1996 woont Marjolein bij ons.

Ze is net 14 jaar geworden en zit op het Bogerman in Sneek, in de brugklas.

In ons gezin is ze al goed gewend en ze zou het leuk vinden eens wat meisjes, van haar eigen leeftijd, uit het dorp te ontmoeten, dus..... jullie zijn van harte welkom!

Onze andere pleegdochter Cheranie woont inmiddels op kamers en studeert in Groningen.

Zij komt in de weekenden vaak thuis.

Ada en Koos Stel.

Bedankt

Wij willen graag iedereen bedanken

*die 16 april voor ons tot een onvergetelijke dag hebben gemaakt
in de vorm van bloemen en kaarten.*

Het was geweldig!

Haye en Hinke, Waltaweg 15, Tjerkwert

Oproep aan de nieuwe inwoners van Tjerkwerd

Het is min of meer een ongeschreven wet dat de nieuwe inwoners van het dorp zich voorstellen in de dorpskrant 't Skieppesturtsje.

Wij wachten uw reactie met belangstelling af in de postbus van onze secretaris

Joop Nota, p/a het kerkje aan de Waltaweg 39.

De redactie

Aise Bouma prolongeert titel in 12e Parodialoop Jelte Steur ontpopt zich als trimtalent

Aise Bouma uit Skuzum heeft op zondag 27 april de 12e Parodia-trimloop in Tjerkwerd gewonnen. Daarmee prolongeerde hij zijn titel van vorig jaar. Bouma legde het 7,7 kilometer lange parcours af in 29.10 minuten. Lange tijd had hij concurrentie te duchten van Willem Radelaar uit Bolsward, maar deze moest de Skuzumer op de Arkumerhoek uiteindelijk definitief laten gaan.

Bij de dames won Tineke Schukken uit Tjerkwerd voor het derde jaar in successie. Haar eindtijd bedroeg 38.54 minuten. In de categorie Jeugd tot en met 16 jaar won Jelte Steur uit Tjerkwerd. Hij finishte in een werkelijk uitstekende tijd van 31.23 minuten. Daarmee is hij nu de snelste jongeling (tot en met 16 jaar) allertijden in de trimloop. Een nieuw talent lijkt te zijn ontdekt in Tjerkwerd!

De mooie weersomstandigheden en het ontluikende voorjaar brachten zondag een kleine dertig deelnemers aan de start in Tjerkwerd. Als een dag tevoren geen halve maraton was geweest in Bolsward, waren er ongetwijfeld nóg meer deelnemers verschenen. Zo hoopte de organisatie in Tjerkwerd ondermeer op de deelname van de supersnelle Gerrit Kramer uit Bolsward, maar deze liet jammergenoeg verstek gaan. Daardoor bleef het in 1991 gelopen parcoursrecord van Gerrit Wijngaarden uit Tjerkwerd (26.16 minuten) in de boeken staan.

Wie waren er dan wèl? Welnu, veel andere toppers! Zo verscheen Arkum met een sterke delegatie aan de start: Sieko Postma en de broers Evert en Bertus Rinse Bakker. De gebroeders Jellema uit Sneek waren er vanzelfsprekend, met in hun kielzog nog drie sportievelingen, het illustere duo Dikkie v/d Werf (Bolsward) en Epheus Jorritsma (Waaxens) gaf weer acte de présence e.v.a. Verheugend was het grote aantal jeugdige deelnemers (uit eigen dorp) dat meedeed.

Met als wedstrijdleiders het trio Menno Poelstra, Jaap van Lingen en Broer Feenstra vertrok de meute om 14.05 uur vanaf de brug, nadat Erik Hendriks het startschot had gegeven. Het werd al snel duidelijk dat Radelaar en Bouma het uit gingen vechten om de eerste prijs. Laatstgenoemde won uiteindelijk op slofjes. Bouma kwam na de wedstrijd echter met een opvallende ontboezeming: 'Willem Radelaar was vandaag de sterkste, als hij had gewild was ie gemakkelijk eerste geworden. Willem deed echter interval-training tijdens de loop en laste telkens pauzes in. Zo heb ik kunnen winnen', aldus de winnaar!

Aise Bouma had een dag eerder nog de halve marathon van Bolsward gelopen. Onder grote publieke belangstelling kwamen alle trimmers na een slopende tocht over het traject Tjerkwerd-Parrega-Dedgum-Tjerkwerd weer aan in laatstgenoemd dorp, waar zich inmiddels een grote mensenmassa had verzameld. Willem Radelaar werd tweede. Vlak na hem denderde Jolt van Buren over de finish. Na viermaal kampioen bij de jeugd te zijn geworden, debuteerde hij dit jaar bij de senioren en hoe.....! Met zijn eindtijd van 30.11 minuten (een persoonlijk record!) mag Jolt zich nu de één na snelste Tjerkwerder allertijden in de Parodialoop noemen (achter de onaantastbare Gerrit Wijngaarden).

Een keurige prestatie van de ranke Van Buren junior, die zijn race ditmaal beter opbouwde dan vorig jaar, toen hij zich verkeek op de snelheid van de latere winnaar Aise Bouma. Zo kon het gebeuren dat Jolt in 1996 halverwege de loop kotsmisselijk werd en vervolgens de pannekoeken van moeder Anneke op het wegdek deponeerde! Gedesillusionerd einde hij toen uiteindelijk in de middenmoot. Jolt nam nu revanche met zijn derde stek.

Ruim een minuut later kwam Jacob Hofstra over de meet. Elk jaar maakt hij meer progressie. Zijn 31.26 was eveneens een PR. Na Van der Werf, Jorritsma en Bonekamp (Westhem) kwam Hielko v/d Wal uit Bolsward als achtste over de streep. Hij heeft in de voorbije maanden een ijzeren conditie opgebouwd door het voetballen, steppen en fietsen. Ook de Sneker 'trojka' liep in deze Parodialoop weer gesmeerd. Locomotief Jan Jellema 'stoomde' in gezelschap van stadgenoot Jan v/d Zweep als 9e over de finish en vlak daarna kwam hun maat Jan Bootsma als 10e binnen.

Vervolgens haalden twee moegestreden Arkumers de eindstreep: Evert Bakker en pal daarna Sieko Postma. In plaats van een ploegentaktiek te hanteren bleken de broers Bakker en Sieko er een prestigestrijd van te hebben gemaakt wie zich de snelste loper van Arkum mocht noemen! Evert streek deze officiële titel op. Na eerst broer Bertus-Rinse te hebben gelost, wist hij Sieko ook nog te achterhalen. Kreas hear!

Het achterste deel van de Sneker 'trojka' denderde daarna als respectievelijk 13 en 14e over de meet: Rob v/d Haar en Rinnie Jellema. Beide haalden een PR en waren dan ook terecht tevreden over hun prestatie. Als 15e eindigde Tony Witteveen. Vader Yep lijkt daarmee een goede opvolger te hebben gekregen in de loop. De door zijn broer Evert kapot gelopen Bertus-Rinse kwam zwaar 'verzuurd' als nummer 16 binnen. Gelukkig kon er nog een lach bij hem af na de zware inspanning.

Debutant Adam Poelstra finishte op de 17e plaats en mag zich nu officieus 'Parodialoop-kampioen van Dedgum' noemen. Hij bleef zijn uitdager, Yde Schakel, bijna 3 minuten voor. Yde lijkt als trimmer enigszins over zijn hoogtepunt heen te zijn. Liep hij in 1992 nog een redelijke 41.04, dit jaar was hij liefst één seconde langzamer! Goed koolhydraten eten en achter je schapen aan rennen Yde, dan ben je volgend jaar misschien weer wat sneller!

Tjeerd Haarsma eindigde als allerlaatste in de loop, maar verdient een schouderklopje omdat hij het aandurfde om mee te doen. De meeste van zijn leeftijdgenoten stonden namelijk langs de kant toe te kijken en kwamen alleen op snelheid toen de bar van It Waltahûs open ging. Volgend jaar ook maar eens meedoen, boys!

Bij de dames ging de titel voor het derde achtereenvolgende jaar naar Tineke Schukken. Een keurige prestatie, al bleef ze ditmaal (38.54) ruim achter op haar snelste tijd van 35.36 (gelopen in 1996). Volgens haar kritische vader Ids was dat niet vreemd. Tineke was de nacht tevoren namelijk nogal laat uit het uitgaansleven vandaan gekomen....

Een bijzondere vermelding verdient de jeugdige Welmoed Schakel. Zij durfde als enige dame de confrontatie met Tineke aan en finishte in een mooie tijd van 40.58. Daarmee is ze nu de derde snelste dame ooit!!!! Hopelijk doen er in 1998 nog wat meer vrouwen mee aan de loop, want twee deelnemers is wel erg weinig. Zo ásportief kan Tjerkwerd toch niet zijn?

In de categorie jeugd tot en met 16 jaar stond Jelte Steur op eenzame hoogte. Daarnaast mochten ook de prestaties van de nummers 2 (Seacle Witteveen, 35.49), 3 (Hans Haarsma, 36.41), 4 (Folkert Hofstra, 36.42), en 5 (Eduard Witteveen, 38.17) er zijn. Met hun eindtijden lieten ze menig senior een 'poepie' ruiken. Ga zo door jongens.

Na afloop reikten de organisatoren van de loop, Jaap van Lingen en Broer Feenstra, de prijzen uit in It Waltahús. Het bleef daarna nog lang gezellig in het dorps huis. Tot slot dank aan de vrijwilligers achter de bar, tijdwaarnemer Menno Poelstra, alle deelnemers en het publiek. Volgend jaar april vindt de 13e Parodialoop plaats. Bereidt u vast voor, je kunt niet vroeg genoeg beginnen te oefenen!

Uitslag Parodialoop 1997:.

Senioren - 1. Aise Bouma (Skuzum) 29.10 2. Willem Radelaar (Bolsward) 29.43
3. Jolt van Buren 30.11 4. Jacob Hofstra 31.26 5. Dikkie v/d Werf (Bolsward)
31.40 6. Epheus Jorritsma (Waaxens) 31.58 7. Johan Bonekamp (Westhem)
32.17 8. Hielko v/d Wal (Bolsward) 32.40 9. Jan Jellema en Jan v/d Zweep
(Sneek) 33.11 10. Jan Bootsma (Sibrandabuorren) 34.31 11. Evert Bakker
34.42 12. Sieko Postma 34.53 13. Rob v/d Haar (Sneek) 34.56 14. Rinnie
Jellema (Sneek) 35.20 15. Tony Witteveen 36.13 16. Bertus Rinse Bakker
36.35 17. Adam Poelstra (Dedgum) 38.32 18. Yde Schakel 41.06 19. Bernard
Dames (Sneek) 44.30 20. Tjeerd Haarsma 46.06

Dames: 1. Tineke Schukken 38.54 2. Welmoed Schakel 40.58

Jeugd (t/m 16 jaar): 1. Jelte Steur 31.23 2. Seacle Witteveen 35.49 3. Hans
Haarsma 36.41 4. Folkert Hofstra 36.42 5. Eduard Witteveen 38.17

Winaar verborgen tussensprint: Jan Bootsma

Snypsnaren

- *Okke Kade hâldt fan sa koart mooglik .
As him frege wurdt wat foar "It Waltahûs" te dwaan,
is it antwurd ja, want dat is koarter as nee!
- *As bekroaning op it wurk wurde der kroanluchters
ophongen yn it doarpshûs.
- *Haye H. koe it nei al syn ynspanning by de reno-
vaasje fan ús pleatslik etablisement net mear
opbringe om de lampen op te hingen.
Nee, hy woe no einliks fan syn nije boat genietsje,
de boat sûnder kantroeren sêft yn 'e reiden glide
litte en.....ûntspanne! Hearlik neatdwaan.
Mar, ho mar! Neat net ûntspanne en neatdwaan.
De Trekfeart moast earst útbaggere wurde.
De kyl rekke fier foar de wâl de grûn al.
Dêrnei pas koe iet heve!
- *Der wie mar 1 dy't trochmiddel fan it blauwe oan-
meldingsformulier te kennen joech frijwilligers-
wurk yn "It Waltahûs" dwaan te wollen.
Blauwe post skrikt blykber ôf.
Dit frijwilligerswurk wurdt oars net as in beles-
ting erfaren.
- *Frijwilligers hoege net bang te wêzen foar swier
wurk. Der is in baas túchslobber oanskapt en de
stokdweil is ferfongen troch in dwellmasine.
(No sil it wol net by 1 oanmelding bliuwe.)
- *It hat him net oan de Tsjerkwerter supporters lein
dat Heerenveen ferlern hat.
In grut byldskerm, tapasselike fersiering, span-
doeken, meilibjend publyk (Harold wie der mei de
hiele húshâlding) en genôch focht.
De grutste sfearmakker (yn dit gefal makster)
wie Betty. Sy wist de moed deryn te hâlden.

Kloften minsken op 'e fiadukten om de stream fuotbalsupporters te oanskôgjen.

Ek Germ W. waard tawuifd en as held bejegene.

Se hiene net witte moatten dat er op wei wie nei in museum.....

*Gevonden voorwerpen Waltahûs.

Read-grien ruten bernejaske en brune breiden sjaal.

*Goed, minder goed en min nijs.

-Goed nijs is dat de BB (bûthúsbiezum) fan Yeb terjochte is.

-Minder goed nijs is dat Haye syn grutte húshâld-treppen noch poater is. Mar, it is himmelerstiid fansels. De treppen sil nei de himmelwoede wol wer op 'e lappen komme.

-Min nijs is dat Jappie syn fervefôhn kwyd is. En no kin Jappie net strippe.

*Anna en Tineke Velting ha in pony dy't weidet yn harren túntsje. Midden yn 'e nacht frjemde gelûden. Panyk, in ynbrekker? Nee, in útbrekker.

*As der in Skieppesturt útrikt waard foar de "bêste heit fan it jier" dan makke Wiko al kâns!

*Thea Z. hat in nije waskmasine. De âlde kaam gjin wetter mear yn. Jelle moat no mei dizze âlde masine mar sjen syn eigen smoarge overalls en melkersdoekjes skjin te krijen. 2 emmertjes water halen, 2 emmertjes pmpen.....

*Tonny W. syn fyts waard stellen. Stie net op slot. In pear dagen letter kaam de fyts wer boppe wetter. De dief hie de fyts kreas op slot setten. Doe hat Tonny syn eigen fyts mar stellen. Al op slot is dus ek gjin garânsje.

*Der hinget in slingertou boppe de feart by Lolle en Titia. Bedoeld foar de bern en de bern dy't út skoalle wei mei komme te boartsjen.
Doe't heit Jan Bl. syn bern wer opheljessoe, koe er it net litte en meitsje in slinger.
Mar.....der midden yn.
Hy woe neat witte fan in ferskjinning fan Lolle, hy is ôfdript.....

*Feike Mulder, muzikant fan profesje, is begeistere troch de vihuela, in "intiem instrument".
Fan oarsprong hat sa'n ynstrumint snaren makke fan skieppetermen.
Gjin wûnder dat je as âld-skieppessurt op sa'n ynstrumint falle.

*Eduard hâldt fan it nachtlibben, mar èk fan syn mem.
Hy wie kreas op tiid thús om har in bakje tee op bêd te bringen.

*Hinke Twijnstra brocht har dochter en skoansoan nei Skiphol. Ha jim alles? Neat fergetten?
Mem, wy ha alles, neat fergetten!
Hilda en Peter nei de baly en Hinke nei de auto om wer op nei Tsjerkwert.
Doe die bliken dat de jeugd echt alles mei nommen hie, ek de autokaaikes.....
Sokke tiden soene je winskje dat jo bern de lucht lâns fleane....
It ferhaal hie lykwols in "happy end".
Hinke is wer thús!

*Kopy graach ynleverje fôár 8 septimber.
Jou ek ris in snypsnaar troch, want sûnder moal kinne jo gjin keek bakke.

